

Maandag
14 april 2025

LEEUWARDER COURANT



LC

SINDS 1752

Contact Digitale krant Service

Voorpagina Net binnen Leeuwarden Friesland Sport Economie Cultuur Opinie Podcast Lifestyle Zoeken

Yn in wrâld fan manlju en froulju bleau Foekje gewoan Foekje | ★★★★★

Hans Brans · 12 april 2025, 11:35 · Cultuur

Deel dit artikel



De spelers fan 'Foekje': Stijn Schootstra, Nynke Heeg, Caroline Mgata, Lourens van den Akker, Julia Ramos. Foto: Lucas Kemper

Je hawwe fan dy tekeningen wêrby't de figuer om wa't it draait net tekene wurdt, mar wol alles derom hinne. In ûnbekende komt nei foaren út alles wat se net is: har omjouwing, har kontoeren, hoe't se beweecht en wat se teweibringt. It negatyf fan in foto, sa ast dy foar it digitale tiidrek hiest.

Sa'n byld sketst de foarstelling *Foekje* fan it fenomeen Foekje Dillema. De fjouwer akteurs, fiif mei de muzikante derby, spylje tal fan rollen, mar net ien fan harren spilet de rol fan Foekje. En dochs krije wy in byld fan har tragyske persoanlikheid en fan har omjouwing, dy't har begjin fyftiger jieren ta sa'n tragysk figuer makke.

De kar om har persoan op sa'n yndirekte wize ta libben te bringen is foar it publyk gjin maklike, mar de makkers hawwe der in goede reden foar. Want Foekje Dillema wie yn de jierren fyftich in natuertalint yn de atletyk dy't alles en elkenien derút rûn, sels de grutste atlete út dy tiid, fiiffâldich Olympysk kampioene Fanny Blankers-Koen.

Beskuldiging

Mar har flitsende karriêre waard yn'e knop brutsen troch de beskuldiging dat hja in man wêze soe. Of yn alle gefallen gjin frou. It atletykbûn fûn dy beskuldiging reden genôch om Dillema op achterbakse wize út te sluten. Foekje sleat har op, trije jier lang en woe it der dêrnei nea wer oer hawwe.

Allinnich al út de keale feiten fielst djippe kwetstheid, skamte, likens en ferbittering opbuorreljen. Hoe makkest teäter fan in oester dy't net iepen wol? Krekt, yndirekt. Skriuwer Kees Roorda en regisseur Jos van Kan benaderje harren heldinne omsichtich, weromhâldend hast, mei respekt en in soad leafde. Fan tiid ta tiid freegje de spilers fan al dy rollen har ynienen ôf oft it wol oké is wat se dogge, en hoe't se it oanpakke moatte.

Tempo fan it hurdrinwedstriid

Hoe betochtsum oft de spilers op dy mominten ek binne, de foarstelling as gehiel hat it fleanende tempo fan in hurdrinwedstriid. It keale dekôr hat wat fan in lege tribune, mei lange rinbanen, dêr't útputtend op draafd wurdt. Flitsend skeakelje de spilers fan sêne nei sêne en fan rol nei rol.

De âlden fan Foekje, de man dy't har drave liet, har fans, de opswypkjende kommentator yn de race, de ôfgeunstige Blankers-Koen en har manager, it jonkje mei wa't se te fiskjen gong, rabjende buorfroulju (spile troch de twa manlju), de learlingen fan har gymnastyklies, ensafuorthinne.

Fansels binne dy koarte, faak humoristyske sênes in tikkeltsje karikaturaal, mar de spot is myld. It fragmintaryske ferrin stelt dyn geduld as taskôger op'e proef, want wolst foaral in byld fan hár, fan binnen ha. Dochts riiist dat byld stadich mar wis en tige ynkringend op út alles yn har omjouwing.

Iensumheid

Dat bart net yn it lêste plak troch de muzyk en de sang dy't regelmjittich troch it spyljen hinne frissele wurdt. Dan priuwst har iensumheid, de tragyk fan in net-

fertsjinne teloargong fan in bysûnder talint, de bitterheid fan immen dy't flokke koe as in seeman ('efterút bidde', neamt immen dat) en dy't nettsjinsteande alles dochs in ûnbrutsen grutskens hâlden bleau.

'Foekje wie gewoan Foekje', konkludearje de spilers nei't se 'mei de kennis fan no' besprutsen ha wat 'yntersekse' eins ynhâldt, dat manlju en froulju der yn soarten en maten binne, mei fan alles der tusken yn. Wat in 'earlik spylfjild' is yn de sport sil dêrom altyd relatyf wêze.

Mei de heksejacht op transeksuelen en diversiteit, dy't him no yn'e Feriene Steaten ôfspilet, mar dy't ek yn Europa de kop opstekt (ien op'e trije jongeren skynt leaver gjin homo yn'e buert te hawwen) is dy earlike en oandwaanlike foarstelling ûnmisber.



Tryater speelt 'Foekje' in gymzalen. Maar Foekje Dillema krijg je niet te zien. 'In atleet kiest der net foar'

[Lees dit artikel](#)



Gryt wil best kleiner wonen, maar wel met tuin: de moeizame zoektocht naar de ideale ouderenwoning

[Lees dit artikel](#)



'Prima Facie', met weergalozе Maria Kraakman, laat zien hoe onze rechtspraak tekortschiet | ★★★★★

[Lees dit artikel](#)

Barren: *Foekje*, troch Tryater **Sjoen:** 11/4, Gymzaal Comenius, Leeuwarden
Tekst: Kees Roorda **Spul:** Lourens van den Akker, Nynke Heeg, Caroline Mgata, Stijn Schootstra, Julia Ramos (slachwurk) **Musyk:** Wybe Contink **Regy:** Jos van Kan **Publyk:** 280 **Noch te sjen:** 12/4 – 22/6 rûnom Fryslân (sjoch www.tryater.nl)

Tal stjerren : 5